

De Stifting Fryske Akademy docht mear as 85 jier wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de regionale skiednis fan Fryslân. Mei multydisziplinêr ûndersyk leveret de Fryske Akademy fernijende bydragen oan it ynternasjonaal wittenskiplik debat, draacht by oan it akademysk klimaat yn Ljouwert en Fryslân, en generearret ynspirearjende fûnemintele en tapasbere kennis foar en oer de maatskippij. It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen is sûnt 1987 in ûnderdiel fan de Fryske Akademy. Mercator docht ferlykjend en tapast ûndersyk yn Europa op it mêd fan meartalich ûnderwiis, taalbelied en taalfitaliteit, en ferbynt dat mei maatskiplike fraachstikken yn Fryslân. Op dizze wize wurket de Fryske Akademy oan wittenskip op nivo, mei each foar maatskiplike ympakt en basearre op in sterk engazjemint mei Fryslân en de Friezen. De Fryske Akademy is stevich yn de regio ferankere en is learre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW).

Wy sykje in

Seniorûndersiker Digital Humanities mei koördinearjende taken

38 oeren yn 'e wike / 1 fte

Bisto de ûndersiker mei ûnderfining dy't him rjochtsje wol op it ynsetten fan Digital Humanities (DH) op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en skiednis? Sjochsto dêrneist as koördinator kâns om mei help fan digitale ynfrastuktuer en metoaden ynnovatyf ûndersyk mooglik te meitsjen troch kollega's, ûndersyk en data mei-inoar te ferbinen? Wolsto wurkje by in organisaasje dy't heechweardich ûndersyk docht nei de Fryske kasus? Giesto graach in útdaging oan en fynst it prachtich om saken op te setten dêr't wy ús ûndersyk mei nei in noch heger nivo bringe kinne? Lês dan fierder!

Wat sykje wy?

Wy sykje in senior wittenskiplik ûndersiker mei yngeande ûnderfining en kennis op it mêd fan de Digital Humanities, ynterdissiplinêr wittenskiplik ûndersyk en it ûntwikkeljen fan digitale ynfrastrukturen. Do hast ûnderfining mei it digitaal beskikber meitsjen fan wittenskiplike data, en do kinst in brêge slaan tusken wittenskip en de digitale ynfrastuktuer dy'tsto en dyn kollega's fierder ûntwikkelje, beheare en ûnderhâlde sille. Wy sykje immen dy't in fisy hat op de taak fan de Digital Humanities yn relaasje ta it wurk fan de Fryske Akademy en it wurk fan Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen, en dy't graach mei ús dizze fisy fierder ûntwikkelje en ymplementearje wol.

Wat hâldt it wurk yn?

Do dochst sawol selsstannich as yn teamferbân ûndersyk nei de Fryske taal, kultuer of skiednis en do draachst by oan it bouwen fan datasets en digitale ûndersyksynfrastruktuer. Derby ûntwikkelest projekten en fregest projektfinansiering oan. De earste pear jier bisto foar 50% oan it wurk as programmakoördinator. Mei twa oare programmakoördinatoren soargesto foar it wittenskiplik programma dat folget út de ûndersyksaginda. Ien fan dyn ferantwurdlikheden is it monitoarjen en eventueel bystjoeren fan de fuortgong. Ek it coachen fan junior kollega's, it stjoeren op output en it hifkjen fan nije projektfoarstellen is in part fan it wurk.

By it fierder ûntwikkeljen fan ús digitale ynfrastruktuer wurkest do nau gear mei ús ûntwikkelders, dy't ferantwurdlik binne foar de technyk. Mei-inoar bepale jimme doelen en prioriteiten en op basis dêrfan stelle jimme plannen op om de ynterdissiplinêre (en brûkersfreonlike) digitale ynfrastruktuer fierder te ûntwikkeljen, sadat ferskate digitale platformen yntegrearre wurde en sawol taalkundich as histoarysk en kultureelwittenskiplik ûndersyk oaninoar keppele wurde.

Mei dyn entûsjasme en saakkundigheid belûkst de rest fan de organisaasje by it ûntwikkeljen en it brûken fan de digitale ynfrastruktuer. De Fryske Akademy wurket yn dit alles nau gear mei partners lykas it Humanities Cluster fan de KNAW yn Amsterdam, de Ryksuniversiteit Grins en it Instituut voor de Nederlandse Taal yn Leiden.

Dyn wurk sil û.o. bestean út:

- it dwaan fan orizjineel wittenskiplik ûndersyk op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en/of skiednis;
- it yn teamferbân úttinken en opstellen fan plannen foar it fierder ûntwikkeljen fan digitale ynfrastruktuer, op basis fan ús ûndersyksaginda;
- it ynventarisearjen fan wat ús ûndersikers nedich hawwe op it mêd fan data en tools;
- it inisjearjen en begelieden fan nije projekten en ûndersyksinisjativen op it mêd fan digital humanities, en it sykjen fan oansluting by nasjonale en ynternasjonale ûndersyksinisjativen;
- it ferbinen fan ferskate DH-ûndersyksprojekten binnen de Fryske Akademy en it stimulearjen fan ynterdissiplinariteit;
- it op in koördinearjende wize fêsthâlden oan en eventueel bystjoeren fan de linen dy't útset wurde yn de ûndersyksaginda fan de Fryske Akademy.

Funksje-easken:

- Do bist promovearre as ûndersiker binnen de geasteswittenskippen en do hast minimaal 5-10 jier ûnderfining yn it opsetten, oanfreegjen, publisearjen en útfieren fan ûndersyksprojekten.
- Do bist ree om dy ta te lizzen op ûndersyk nei de Fryske taal, kultuer en/of skiednis.
- Dyn ynsicht (technysk en metoadysk) soarget derfoar datsto de brêgefunksje

tusken wittenskip en digitale ynfrastruktuer goed op dy nimme kinst.

- Underfining mei it coachen fan en it lieding jaan oan kollega's is in pree.
- Do hast in grut netwurk en do kinst goed gearwurkje.
- Do bist analytysk, selsstannich, pro-aktyf en ryk oan inisjatyf.
- Do hast in treflike kennis fan it Nederlânsk en it Ingelsk, sawol mûnling as skriftlik. Ast it Frysk noch net (hielendal) machtich bist, kinst fia ús in taalkursus Frysk folgje.

Wat biede wy?

- In útdaagjende en selsstannige baan: meitsje ympakt binnen ús organisaasje troch it opsetten en ûntwikkeljen fan eigen ideeën en inisjativen.
- Fleksibele wurktiden mei mooglikheden om thús te wurkjen.
- De aard fan de oanstelling is ôfhinklik fan kennis en ûnderfining en is yn earste ynstânsje foar 1 jier. By tefredenheid oer it funksjonearjen wurdt de funksje omset yn in oanstelling foar ûnbeskate tiid.
- Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining is it salaris by in folslein tsjinstferbân maksimaal € 7.056, - smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl ûndersiker 2, skaal 12 cao Nederlandse Universiteiten).
- Goede sekundêre arbeidsbetingsten.
- In wurkomjouwing dêr't elkenien him wolkom en wurdearre fielt, dêr't omtinken is foar yndividuele kwaliteit en dêr't de mooglikheden om dysels fierder te ûntwikkeljen foarop steane.

Oer de Fryske Akademy

De Fryske Akademy is it wittenskiplik ûndersikerynstitút dat ûndersyk docht nei de Fryske Kasus en nei Europeeske minderheidstalen (ûnderdiel Mercator). It ynstitút foarmet de kearn fan de akademyske Frisistyk yn Nederlân en fan kennis fan minderheidstalen yn Europa, en is stevich ynbêde yn de lanlike en Europeeske ûndersyksynfrastruktuer. De Fryske Akademy is liearre oan de KNAW en wurket nau gear mei KNAW-ynstituten en universiteiten. As relatyf lyts ynstitút mei in grut netwurk en grutte ambysje hawwe wy in bysûndere posysje dêr't yn frijheid ûndersyk yn dien wurde kin. Wy wurkje yn in platte organisaasje wêrby't meiwurkers selsstannich en selsstjoerend mei entûsjasme en passy gearwurkje. Kollegiale gearwurking en romte foar inisjativen steane foarop.

Programmakoördinatoaren

Om de útfiering fan ús wittenskiplike programma te monitoarjen en stjoeren, hawwe wy de rol fan programmakoördinator. Fan (senior) wittenskippers freegje wy om yn rûlearjende gearstalling per beliedsperioade de rol fan programmakoördinator op harren te nimmen en sa yn oparbeidzjen mei de kollega-programmakoördinator in krúsjale rol yn de organisaasje te ferfoljen. Dat komt altyd njonken de kearnzaak fan ûndersiker, dêr't ek by it útoefenjen fan dizze rol 50% tiid foar bliuwt.

Wolst mear witte?

Wy wolle dy graach mear fertelle oer dizze funksje. Nim dêrfoar kontakt op mei prof. dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm FSA, fia it e-mailadres nijsennagger@fryske-akademy.nl of it telefoannûmer 058-213 14 14 (resepsje).

Wolst sollisitearje?

Dan kinst dyn motivaasjebrief mei cv oant 14 april 2025 e-maile oan de hear Anne Mulder, Ofdieling HR, û.f.f. “Digi-Hum-2025”, nei wurkje@fryske-akademy.nl. De sollisitaasjepetearen sille op 29 april holden wurde.



Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.